

Frijbûtsjer

Moanneblêd fan de FNP

maart 2017, nûmer 450

Stim strategysk, stim op in lokale kandidaat

By de Twadde Keamerferkiezingen fan 15 maart docht yn Fryslân gjin lokale partij mei, mar binne der wol 'lokale' kandidaten. Der is wakker diskusje oer 'strategysk stimmen'. Dan giet it derom om bygelyks op de VVD te stimmen, sadat de PVV net de grutste wurdt, of om op GriensLinks, SP of PvdA te stimmen, om in midden-linkse koalysje mooglik te meitsjen mei D66, CDA en CU. Neffens my is der noch in oare mooglikheid om strategysk te stimmen troch foar in lokale kandidaat te kiezen.

Yn Nederlân hawwe wy al jierren te krijen mei in 'Rânestêdkabinet'. Ekonomy en wurkgelegenheid steane foarop, dêr't de grutte stêden, Amsterdam, Rotterdam, De Haach, Utert en Eindhoven mei harren omkriten, alle romte en stipe by krije. Dêr is op himsels neat mis mei, want dêr profitearje wy allegearre fan. Mar sokke ekonomyske sintra en konsintraasjes fan minsken, lûke ek kriminaliteit oan en de sosjale misstannen binne dêr grut.



Kollum fan de foarsitter

In protte minsken fine dat de provinsjes yn de regio der by it tsjintwurdige Rânestêdkabinet mar wat op ta binne. Wurkgelegenheid giet dêr ferlern trochdat rykstsjusten ferdwine. Fan de boaiemopbringsten út de regio, lykas earder fan stienkoal en no fan gas en sâlt, profitearret benammen it Westen fan ús lân. De hiele moderne wegestruktuer yn 'e midden en it Westen, mei fiadukten, tunnels en ferkearspleinen, de Betuwelijn, de Rotterdamske haven en Skiphof, binne mei 'gasjild' oanlein. Mar ús Sintrale As moast troch de provinsje Fryslân sels betelle wurde. Jild foar kompensasje foar de grutte skea as gefolch fan de gaswinning, moat foar de helsdoarren wei helle wurde. Mar as der grutte kloften asylsikers opfongen wurde moatte, dan komme de regio's as earste yn 'e beneaming. No hoege wy hjir yn Fryslân fansels hielendal net jaloersk te wêzen op de Rânestêd. De wolfeart yn it westen, mei grutte yndustryen en befolkingssintra en in soad ymmigranten, bringe ek in protte ellinde mei. Tink oan de fersmoarging, lûdsoerlêst, kriminaliteit, sosjale misstannen, agresje, probleemwiken en lânskipsoantaasting. De wolfeart is by ús wat minder, mar it wolwêzen faken folle grutter. Net om 'e nocht docht al jierren út enkêten bliken dat de minsken yn Fryslân lokkiger binne. Yn ús mienskip geane wy better mei-inoar om; wy hawwe kontakt mei famylje, freonen en de buorlju. Hjir binne wy ree om wat foarinoar te dwaan en is der noch sprake fan mienskipssin en sosjale kontrôle.

Tusken beide is ek romte. Wy wolle hjir ek yndustryen, bedriuwen en ynstellingen hâlde foar in goede wurkgelegenheid. Wy hawwe grut ferlet fan kennissintra, ûnderwiisinstellingen, in universiteit, de Rjochtbank en it Hof fan Justysje, om it ferlies fan heechwaardige wurkgelegenheid foar te kommen. Wy wolle leefbere doarpen en wiken, mei skoallen, sportferieningen, winkels, bedriuwen, soarchsintra en medyske foarsjenningen. Dêrom myn pleit om by de kommende ferkiezingen te stimmen op in kandidaat út ús provinsje. Kandidaten dy't hjir hikke en tein binne, dy't witte wat hjir spilet en as it nedich is yn De Haach foar de Fryske belangen opkomme kinne. Lutz Jacobi, it meast by Fryslân belutsen keamerlid, ferdwynt spitigernôch út de Twadde Keamer. Lit ús der mei-inoar foar soargje dat wy mear 'Lutzen' weromkrije.

Ultsje Hosper

Stimme op kandidaten út Fryslân

De FNP hat ôfrûne hjerst, mei de oare partijen yn de OSF, yn him omgean litten om mei te dwaan oan de Twadde Keamerferkiezingen. Wy hawwe lykwols besletten om dat net te dwaan, omdat de tiid foar in goede tarieding te krap wie.

Op foarspraak fan de Algemene Ledegearkomste hat it haadbestjoer besletten om de Fryske kandidaten fan de politike partijen dy't yn Fryslân oan de Twadde Keamerferkiezingen meidogge, te freegjen harrensels nei oanlieding fan fjouwer fragen yn de *Frijbûtsjer* foar te stellen. Dat dogge se op de siden 2 en 7.

FNP-adressen

FNP-Hûs, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert
Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert
(058) 213 14 22, fnphus@fnp.frl
Buro: Tjibbe Brinkman, Twizel
(0511) 54 22 73, tjibbe.brinkman@fnp.frl

It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis fan 10.00 oant 14.00 oere

Bankrekken: NL21 RABO 0305 0145 28
Ynternet: www.fnp.frl

HAADBESTJOER

Ultsje Hosper, Oerterp (foarsitter)
(0512) 30 23 73, ultsje.hosper@fnp.frl
Jehannes Elzinga, Frjentsjer (skriuwer)
(0517) 23 45 24, jehannes.elzinga@fnp.frl
Eddie de Vries, Drachten (ponghâlder)
(0512) 52 53 92/(06) 5533 1717, eddie.de.vries@fnp.frl
Jaap Cuperus, Dokkum
(06) 2245 8322, jaap.cuperus@fnp.frl
Jetske Lysbeth de Groot, Drachten
(0512) 52 19 92, jetske.lysbeth.de.groot@fnp.frl
Hylke Heidstra, De Westereen
(06) 1808 3059, hylke.heidstra@fnp.frl
Jan Lammers, It Surhústerfean
(0512) 36 07 70/(06) 3078 0396, jan.lammers@fnp.frl
Cees Nieboer, Tsjerkwert
(0515) 57 96 57, cees.nieboer@fnp.frl

REDAKSJE FRIJBÛTSJER

Harry van Borkulo, Hurdegaryp; **Jan Breimer**, Grou;
Ultsje Hosper, Oerterp; **Jitske Zaadstra**, Turns
Kopij: p/a FNP-hûs; e-post: frijb.ynfo@fnp.frl

STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs, (058) 292 58 03, fnp@fryslan.frl

Wietske Poelman, fraksjemeiwurkster
Yde Dijkstra, beliedsmeiwurker
Corlienke de Jong, Jutryp (foarsitter)
(06) 2201 9066, c.dejong@fryslan.frl
Sybre Posthumus, Reduzum
(0566) 60 29 28/(06) 3022 6684, s.posthumus@fryslan.frl
Wopke Veenstra, Boelensloane
(0512) 34 27 70, w.veenstra@fryslan.frl
Klaas Fokkinga, Nes (D)
(06) 2003 3581, k.fokkinga@fryslan.frl
Rein van der Wal, It Surhústerfean (earste opfolger)
(0512) 77 62 11/(06) 5538 6539, rein.van.der.wal@fnp.frl

DEPUTEARRE

Johannes Kramer, Sibrandabuorren
(06) 1561 2055, j.kramer@fryslan.frl

WETTERSKIPSFRAKSJE

Sake van der Meer, Koatstertille (foarsitter)
(06) 2325 0619, sake.van.der.meer@fnp.frl
Jan van der Kooi, Ryptsjer
(06) 2862 5813, jan.van.der.kooi@fnp.frl

EARSTE KEAMER (OSF)

Hindrik ten Hoeve, Stiens
(058) 257 34 47, hendriktenhoeve@osfractie.nl

FNP-JONGEREIN – Ynternet: www.fnpj.frl
Sytze Kobus, Garyp, kontaktpersoan
(06) 4631 8234, jongerein@fnp.frl

Bûsboekje

Maart

- 7 Haadbestjoer mei de steateleden
- 20 Haadbestjoer mei alle ôfdielingsbestjoeren

April

- 7 Haadbestjoer mei politisy
 - 10 Haadbestjoer
 - 11 Kopij *Frijbûtsjer* 451 ynleverje
 - 21 *Frijbûtsjer* 451 komt út.
- Ek te sjen op www.fnp.frl/Organisaasje - kontakt ▼

N.B. It Deistich bestjoer komt alle wiken op moandaitemoarn gear.



Retoeradres: FRL Post, Swettestrjitte 31, 8912 AV LJOUWERT

Ynhâld fan dit nûmer

- Side 1 - Stim strategysk, stim op in lokale kandidaat
- Stimme op kandidaten út Fryslân
- Side 2 - Kandidaat-Keamerleden (a)
- Side 3 *Fan de steatefraksje*
- Foute oannimmers Sintrale As oanpakke
- Mobiliteitssintrale Noardeast-Fryslân
- Feilige fytstoerstekken N359 Gaasterlân
- Moasje 'It Biltsk as erkende streektaal'
- Rûnwei Warns
- FNP-wurkbesite Harns
- Ofskied tydlike kommissaris
- Side 4 *Fan de ôfdielingen*
- Jan Dykstra listlûker FNP-waadhoeke
Ynstjoerd
- Romereis FNP
- Side 5 - Kandidaat-Keamerleden (b)
- Side 6 - Kolofon
- Bûsboekje